



Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis* en oare belangstellenden

140526.[3].FFU

Itens, 8 maaie 2014

Underwerp: útnoeging foar de jiergearkomste fan de FFU op 26 maaie 2014 te Ljouwert

Achte leden,

Foar de ûntjouwing fan it Frysk yn it ûnderwiis hat 200 jier *Koninkrijk der Nederlanden* perfoarst gjin bloeiperioade west. Yn de Frânske tiid waard it Hollânsk ('Nederduitsche Taal') ferplichte op de basisskoallen en dat is nei 1814 ek sa bleaun, wylst it 'vriesch boersch' leaver net mear brûkt wurde moast, lykas de provinsjale almenak út 1816 de ûnderwizers foarhâldt. Hoewol't it Frysk yn de 20ste ieu yn it ûnderwiis in wetlike status kriegt, wol dat net sizze dat it roer daliks om giet.

Hâldt it OKW-brief fan 10 july 2013 oan de Twadde Keamer lykwols in bekearing yn? Steatssekretaris Dekker pleitet dêryn foar twatalich ûnderwiis op grûn fan ûndersyk dat oanjout hoe goed oft meartalich ûnderwiis wol net is foar de bern. Hy basearret him op in twatal stúdzjes fan de universiteiten fan Grins en Utert, dêr't neat yn werom te finen is fan mear as 50 jier ûnderfining mei twa- en meartalich ûnderwiis yn Fryslân. Tink bygelyks oan it eksperimint mei de trijetalige skoalle yn de jierren 1997-2006.

Neffens Dekker moatte wy ta op 15% fan de lestiid yn it Ingelsk en foar in 12-tal proefskoallen wol fan 30% oant wol 50%. De iennichste Fryske basisskoalle - *De Pôlle* yn Marsum -, dy't oan it eksperimint meidwaan sil, wol útgean fan in fiertaalferdieling fan 50% Hollânsk, 30% Ingelsk en 20% Frysk. It idee is om sa betiid mooglik de bern yn it Ingelsk les te jaan.

Biedt dy omslach **fan ien- nei meartalich ûnderwiis** foar it Frysk echt perspektyf of sil it Ingelsk yn de skoalle de oerhân krije as twadde fiertaal fan de bern? Dêr wolle wy it, njonken gâns oare saken, mei jimme oer hawwe op ús jiergearkomste.

Wy noegje jimme dêrom út foar de jiergearkomste op 26 maaie 2014 de jûns om 20.00 oere op ús fêst bestjoersadres Bleekhof 55 yn Ljouwert (adres Klaske Straatsma)

It programma sjocht der sa út:

1. Iepenjen
2. Ferslach jiergearkomste 22 april 2013
3. Jierferslach 2013
4. Finansjeel oersjoch 2013
5. Ynformaasje foar ús leden oer it wurk en de takomst fan de FFU
6. Diskusje oer in stikmannich stellings oer ûnderwiis en Frysk*
7. Wat fierder op it aljemint komt
8. Omfreegjen en sluten

Yn ferbân mei it klear setten fan de stuollen, tee/ kofje mei wat derby is it saak dat jimme efkes berjocht jouwe as jimme fan doel binne om te kommen. Graach foar **24 maaie** nei ien fan de neikommende adressen :
- de skriuwer: till. 0512-518927 of e-post ffupost@hotmail.com
- de foarsitter: till. 0515-331868 of e-post dijkstrathomas@hotmail.com

Th. Dykstra, foarsitter FFU

Taheakke:

- ferslach jiergearkomste fan 22 april 2013
- jierferslach oer 2013
- finansjeel ferslach oer 2013
- strypke foar de kontribúsje

**By punt 6 fan de wurklist:*

- Stelling 1: It *Europeesk Hânfêst foar Minderheidstalen* (kêst 8) seit dat in ‘oanmerklik part’ fan it basisûnderwiis yn it Frysk jûn wurde moat. Neffens ús mei dat oanpart nea minder as 35% fan de lestiid wêze.
- Stelling 2: It is net ferstannich om op Fryske basisskoallen al yn groep 1 it Ingelsk as fiertaal te brûken, wylst de bern noch net iens goed twatalich binne.
- Stelling 3: De eksperimintele fiertaalferdieling fan 50% (H)- 30% (I)- 20% (F) yn basisskoalle De Pôlle docht it Frysk tekoart.
- Stelling 4: It brûken fan it Frysk as fiertaal mei yn de leechste klassen net ûnder de 50% en yn de heechste groepen net ûnder de 35% komme.
- Stelling 5: Foar goed trijetalich ûnderwiis binne yntegraal trijetalige metoaden/materialen in betingst.
- Stelling 6: De nije ûnderwiiswetjouwing wol de provinsje it foech jaan om útstellen te dwaan foar de keardoelen Frysk. Dy stap foarút betsjut foar it Frysk noch gjin lykwaardich en lykberjochtige plak yn it hiele ûnderwiis.

Kontribúsje

Sûnder jo bydrage kinne wy neat út 'e wei sette. De ponghâlder soe foar 2014 (of earder) graach de kontribúsje ynbarre wolle:

a. De bydrage foar 2014 fan **€10** (wat mear is fansels tige wolkom!) graach oermeitsje op NL17 INGB 0002 3560 38 o.n.f.: *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag (Beetstersweach)*.

b. As jo de kontribúsje foar *eardere* jierren noch net oermakke hawwe, soene jo dat dan ek noch ynoarder meitsje wolle (sjoch ús omsirkeling)? Jo kontribúsje oer de jierren 2009/2010/2011/2012/2013 hawwe wy **al / noch net** krige.

Bedrach €

De ponghâlder

Tige tank (en hooplik oant sjen)!